Oan it Kolleezje fan *Deputearre Steaten*
en de leden fan *Provinsjale Steaten*
Provinsje Fryslân
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 3 juny 2006

Underwerp: *hoe fierder mei de Fryske kanon?*

Achte leden fan Provinsjale en Deputearre Steaten,

Op dit stuit wurdt wurke oan de ûntwikkeling fan in lanlike kanon en dat betsjut dat de tiid no ek ryp is om ideeën te ûntwikkeljen foar in regionale Fryske komponint dêryn. Op 1 febrewaris lêstlyn hawwe wy dêrom as seksje Frysk fan de *VLLT* yn 'e mande mei it *Pedagogysk Wurkferbân* en de *FFU* in mienskiplike jûn belein oer de needsaak om ta in Fryske kanon foar it ûnderwiis te kommen. Yn in resolúsje (mei ûndertekene troch de Ried fan de Fryske Beweging) hawwe wy oan de ein fan de jûn de lanlike kommisje *Ontwikkeling Nederlandse Canon* fersocht om: '[...] yn nauwe gearwurking en yn dielde ferantwurdlikens mei saakkundigen op it mêd fan de Fryske taal, kultuer en skiednis in kanon foar it primêre en fuortset ûnderwiis (âldengroep 4 oant 18 jier) te ûntwikkeljen, wêrby't

a. de Fryske taal, kultuer en skiednis yntegraal in relatyf beskieden plak krije yn in nasjonale, lanlike kanon (yn begjinsel jildend foar alle learlingen yn Nederlân);
b. in kanon foar de Fryske taal, kultuer en skiednis yntegraal in wichtich plak kriget yn it provinsjale ûnderwiis (yn begjinsel jildend foar alle learlingen yn Fryslân);
c. in advys útbrocht wurdt oan de lanlike en provinsjale oerheid oer ferantwurdlikheden en ferantwurdlike persoanen op it mêd fan de Fryske kanon mei in oersjoch fan hoe't de taken fandatoangeande ferdield wurde kinne en
d. in advys jûn wurdt oer frekwinsje, evaluaasje en it op 'en nij besjen fan it lanlike en provinsjale part fan de kanon foar de Fryske taal, kultuer en skiednis.

Underwilens hat de provinsje (deputearre dr. A. Mulder en beliedsmeiwurker drs. Tsj. Bottema) op 8 febrewaris yn Amsterdam in petear hân mei de foarsitter, prof. dr. F. van Oostrom en de sekretaris, dr. H. Slings. Van Oostrom jout dêrby oan dat de eigen regio al yn de earste sirkel (dy't behelle wurdt by de kearndoelen en eksamenprogramma's) oan bod komme moatte soe. Fierders sil de kommisje yn syn oanbefellings oan de minister fan OCW de ynfolling fan in regionale fariant fan de kanon (de twadde sirkel) bepleitsje. Van Oostrum wiisde krekt as ien fan de sprekkers op de jûn fan 1 febrewaris, prof. dr. H.M. Beliën, lid fan de lanlike kanonkommisje, op de eigen regionale ferantwurdlikens by it yntrodusearjen fan regionale bestandielen yn de nasjonale kanon.

De fraach is no hoe't it fierder moat. Wy hawwe begrepen dat de provinsje yn de rjochting fan de minister fan OCW op haadlinen komme wol ta in advys. Yn juny e.k. sil de Fryske kanon dêrom ûnderwerp fan petear wêze yn it bestjoerlik oerlis mei de minister. Boppedat wol de provinsje in rol spylje yn de beliedsreaksje fan de minister op it advys fan de lanlike kanonkommisje. Dêrby sil der ek in relaasje lein wurde mei it kommende ynspeksjerapport fan ûnderwiisynspekteur, drs. J. Oudeboon.

As organisaasjes dy't opkomme foar de belangen fan dosinten, learlingen en âlden op it mêd fan Fryske taal, kultuer en skiednis soene wy graach wolle dat by de ferfolchopdracht dy't de minister grif jaan sil, de provinsje *rieplachte* wurdt en dat by dy ferfolchopdracht ek ien en oar opnommen wurdt oer de jildlike stipe fan it Ryk foar it ynfoljen fan de twa regionale (Fryske) sirkels.

Wy steane der dêrby op oan dat dat 'rieplachtsjen' in *folweardich* karakter kriget. Dat soe neffens ús betsjutte moatte dat de provinsje op dit stuit lykweardich 'partij' wurdt as it giet om de *ynfolling* fan de trije sirkels foarsafier't dy de Fryske taal, kultuer en skiednis rekket. Begjinsels as *lykweardigens* en *lykberjochtiging* soene ek yn dit stik fan saken de toan sette moatte.

Op langere termyn soe neffens ús it *foech* oer de *twadde* sirkel (ek wat de kearndoelen en eksamens oanbelanget) lykwols folslein nei de provinsje moatte, wylst in adekwate subsydzjepolityk fan de provinsje derfoar soargje moatte soe dat de *tredde* sirkel it oriïntaasjeramt wurdt foar relevante maatskiplike en kulturele ynstellings yn Fryslân (bgl. *Tresoar, Fries Museum*), útjouwers (bgl. *Afûk*, it *Taalsintrum Frysk* fan it *Cedin*) en programmamakkers (bgl. *Omrop Fryslân*).

Omdat soks hiel wat tinkwurk en in pro-aktive hâlding fan de Provinsje freget, is it needsaaklik om sa gau mooglik ideeën te ûntwikkeljen oer de opset en bekostiging fan in 'eigen' provinsjale kanonkommisje dy't it konsept en de *ynfolling* (learstof/ynhâlden) leveret foar de trije sirkels foarsafier't dy mei de Fryske taal, kultuer en skiednis te krijen hat. Wy tinke dat dy kommisje in 'swiere' kommisje wurde moat, lykas dat mei de lanlike kommisje ek it gefal is, mei in tige motivearre wittenskiplik 'swiergewicht' as foarsitter. Faaks soe sa'n frisist en frisiast mei oansjen by de *Fryske Akademy* fûn wurde kinne. Wy tinke dêrby bygelyks oan immen fan it kaliber fan prof. dr. D. Gorter, in wittenskipper dy't al jierrenlang lieding jûn hat op dy ynstelling en ek as heechlearaar wurket by de stúdzjerjochting Frysk oan de UvA. Foar it *Berie foar it Frysk* hat er tige fertsjinstlik wurk dien.

It tal, de kwaliteit en de status fan de 'eigen' *kearndoelen*, *domeinbeskriuwings* (fan kennis en ynsjoggen) en *projektútstellen* (bgl. foar yntegraal taalûnderwiis) kinne net allinnich oerlitten wurde oan lanlike ynstellings as it *SLO* (learplannen), it *Cito* (toetsingsmiddels) en de lanlike *Pedagogische Centra* (ymplemintaasje). Ergo: de Provinsje moat derby wêze en derop sitte.

Wy binne tige benijd wat jimme reaksje wêze sil op ús útstel om sa'n Fryske kanonkommisje te beneamen en binne út soarte graach ree om fierder mei te tinken.

De *VLLT, seksje Frysk*, de *Feriening Frysk Underwiis*, de *Ried fan de Fryske Beweging* en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Akademy*,
dr. B.A. Gezelle Meerburg, foars. *VLLT, seksje Frysk*
drs. Th. Dijkstra, foars. *FFU*
dr. J. van der Bij, foars. *RfdFB*
drs. P. Bergsma, foars. *Ped. Wurkferbân FA*

Ut namme fan de fjouwer organisaasjes,
mei rju achtinge,

dr. R. Jonkman,
skriuwer *VLLT, seksje Frysk*

Ofskriften:
- kommisje ‘Ontwikkeling Nederlandse Canon’
- LC, FD, OF
- Berie foar it Frysk, Konsultatyf Orgaan